

TEATERKOLLEKTYF GRIENE SJIPPE PAKT DE SAKEN TIGE SERIEUS OAN EN NEAT IS HARREN TE GEK! MAR, HOE NO FIERDER.....?

Teaterkollektyf "Griene Sjippe" is in kabaret selsskip dy't harren dwaande hâldt mei flitsende, aktuele en humoristyske teksten en ferskes foar jong en âld. De foarstellingen gean foaral oer aktuele saken, folksaardige typearringen fan minsken en harren verlangens yn it libben.

Jonge, talintfolle spilers spylje tegearre mei âldere spilers dy't harren al wier makke hawwe yn it amateurtoaniel en muzyk. Dat allegear ûnder lieding fan in oantal entûsjaste besjoersleden en fakminskten. Eltse kear soarget "Griene Sjippe" foar werkenbere situaasjes, sketsen en ferskes wêr't it publyk himsels yn de spiegel werom sjocht.

It is alwer in skoft nei de lêste útfiering fan 'Bûter, Brea en Sûre Molke'. Wy as bestjoer hawwe yn dy tiid net stilsitten en binne alwer drok dwaande mei de tariedingen foar in nije produksje. Mar...

Spitigernôch binne wy tidens de útfieringen van Bûter, Brea en Sûre Molk ek troffen troch corona en alle maatregels dy't de oerheid oan ús oplein hat. Hjirtroch binne wy yn grutte finansjele need rekke. It wetter stiet ús oan de lippen ta! Mar, wy wolle troch en sette mei elkoar de skouders derûnder! Dêrom is ús fraach oan jo/jimme: soene jo ús finansjeel stypje wolle mei in frijwillige bydrage?

Wolle jo mear ynformaasje? Skilje dan nei 06-38135509 of stjoer in mail nei info@grienesjippe.nl

Helpe jo/jimme ús de coronacrisis troch?

Banknûmmer: NL17RABO0190551399 t.a.f. Teater Kollektief, "Griene sjippe"!

Tige tank,

It bestjoer fan Griene Sjippe